

Nummer: 012 LV
Datum: 2 februari 2021

Nieuw weidevogelbeleid voor Fryslân

Weidevogels zijn een belangrijk onderdeel van het Fryske landschap. Daarom werkt de provincie Fryslân aan beleid om de weidevogelpopulatie te versterken. In de Startnotitie Weidevogels 2021 - 2030 staan drie ambitieniveaus voor het aanscherpen van het huidige beleid voor de komende periode. Gedeputeerde Staten van Fryslân leggen de evaluatie van 2014 tot 2020 en de startnotitie met daarin de keuze voor een ambitieniveau op 21 april voor aan Provinciale Staten.

De voorkeursambitie van GS gaat uit van het omkeren van de neerwaartse trend en de stabilisatie en groei van de weidevogelpopulaties. Met als richtlijn 10.000 broedparen van de grutto. Dit is in lijn met het huidige beleid, maar aangevuld met aanbevelingen uit de evaluatie, de petitie Fryslân Greidefûgellân en het Aanvalsplan Grutto. Dan gaat het bijvoorbeeld om verdienmodellen zoals een hogere melkprijs voor boeren, en de gebiedsgerichte samenwerking in robuuste weidevogelkerngebieden. Belangrijk hierbij is om die benadering in de kerngebieden te koppelen aan de agenda's voor bijvoorbeeld landbouw, veenweide, stikstof en natuur. Dit ambitieniveau vraagt om extra middelen, bovenop het huidige weidevogelbudget. Het gaat om een Rijksbijdrage van tien miljoen per jaar en middelen voor de aankoop en afwaardering van grond.

Een lager ambitieniveau betekent het voortzetten van het huidig beleid en accepteren van de neerwaartse trend. Het hogere ambitieniveau gaat uit van het optimaliseren van de totale oppervlakte weidevogelkansgebied in Fryslân en een robuustere weidevogelpopulatie (15.000 broedparen voor de grutto). Naast bovenstaande middelen vraagt dat om een extra provinciale bijdrage van vijf miljoen.

Nieuw beleid

Op basis van de keuze van PS komt er nieuw weidevogelbeleid. Naar verwachting stelt PS dit in november dit jaar vast. Ondertussen krijgen veel projecten uit 2020 een vervolg in 2021. Bijvoorbeeld de pilot steenmarterbeheer, de predatiemonitoring door collectieven, de Weidevogelkennisdag (18 februari) en de campagne Grutsk op ús Geidefûgels. Ook starten er twee nieuwe LIFE projecten: GrassBirdHabitats en All4Biodiversity, en wordt er wederom ingezet op jeugdeducatie, de inzet van extra vernattingsmaatregelen en het Aanvalsplan Grutto. Gedeputeerde Douwe Hoogland: "It is wichtich om troch te wurkjen oan de greidefûgelprojekten. Gearwurking is dêr hiel wichtich by. Alle partijen yn it Olterterpoerlis, ûndersikers, frijwilligers, agrariërs en natuerbehearders: eltsenien is nedich om de greidefûgelstân yn Fryslân te ferbetterjen."

Evalueren

Het aantal broedparen van de gidssoort grutto ging achteruit naar 6700 in 2020 in plaats van de gewenste 10.000, zo blijkt uit de evaluatie. De achteruitgang lijkt langzamer te gaan in de kerngebieden met weidevogelbeheer. Ook lijkt de daling van het aantal broedparen trager in Fryslân dan in de rest van Nederland. Voor de tureluur, veldleeuwerik, graspieper en gele kwikstaart is de afgelopen acht jaar wel een stijgende lijn de zien.

Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: www.fryslan.nl / Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: www.fryslan.nl

PARSEBERJOCHT

Nûmer: 012 LV
Datum: 2 febrewaris 2021

Nij greidefûgelbelied foar Fryslân

Greidefûgels binne in wichtich part fan it Fryske lânskip. Dêrom wurket de provinsje Fryslân oan belied om de greidefûgelpopulaasje te fersterkjen. Yn de Startnotysje Greidefûgels 2021 – 2030 stean trije ambysjenivo's foar it oanskerpjjen fan it hjoeddeistich belied foar de kommende perioade. Deputearre Steaten van Fryslân lizze de evaluaasje fan 2014 oant 2020 en de startnotysje mei in kar foar in ambysjenivo op 21 april foar oan Provinsjale Steaten.

De foarkarsambysje fan DS giet út fan it omkearen fan de delgeande trend en de stabilisaasje en groei fan de greidefûgelpopulaasjes. Mei as rjochtline 10.000 briedpearke fan de skries. Dit is yn line mei it hjoeddeistich belied, mar oanfolle mei oanbefellings út de evaluaasje, de petysje Fryslân Greidefûgellân en it Aanvalsplan Grutto. Dan giet it bygelyks om fertsjinmodellen lykas in hegere molkepriis foar boeren, en de gebiertsrjochte gearwurking yn robúste greidefûgelkearngebieten. Wichtich hjirby is om dy gearwurking yn de kearngebieten te keppeljen oan de aginda's foar bygelyks lânbou, feangreide, stikstof en natuer. Dit ambysjenivo freget om ekstra middels, boppe op it hjoeddeistich greidefûgelbudzjet. It giet om in Ryksbydrage fan tsien miljoen per jier en middels foar de oankeap en it ôfwurdearjen fan grûn.

In leger ambysjenivo betsjut it trochsetten fan it hjoeddeistich belied en akseptearjen fan de delgeande trend. It hegere ambysjenivo giet út fan it optimalisearjen fan de folsleine oerflakte greidefûgelkearngebiet yn Fryslân en in robústere greidefûgelpopulaasje (15.000 briedpearke foar de skries). Neist boppesteande middels freget dat om in ekstra provinsjale bydrage fan fiif miljoen.

Nij belied

Op basis fan de kar fan PS komt der nij greidefûgelbelied. PS stelt dit yn novimber dit jier fêst, sa wurdt ferwachte. Undertusken krije in soad projekten út 2020 in ferfolch yn 2021. Bygelyks de pilot stienmurdbehear, de predaasjemonitoaring troch kollektiven, de Greidefûgelkennisdei (18 febrewaris) en de kampanje Grutsk op ús Greidefûgels. Ek sette twa nije LIFE projekten út ein: GrassBirdHabitats en All4Biodiversity, en wurdt der op 'e nij ynset op jeugdedukaasje, de ynset fan ekstra maatregels om grûn wieter te meitsjen en it Aanvalsplan Grutto. Deputearre Douwe Hoogland: "It is wichtich om troch te wurkjen oan de greidefûgelprojekten. Gearwurking is dêr hiel wichtich by. Al de partijen yn it Oltterterpoerlis, ûndersikers, frijwilligers, agrariërs en natuerbehearders: eltsenien is nedich om de greidefûgelstân yn Fryslân te ferbetterjen."

Evalueare

It oantal briedpearke fan de gidssort skries gie efterút nei 6700 yn 2020 yn stee fan de 10.000 dy't winske binne, sa docht út de evaluaasje bliken. De efterútgong liket stadiger te gean yn de kearngebieten mei greidefûgelbehear. Ek liket de delgong fan it oantal briedpearke stadiger yn Fryslân dan yn de rest fan Nederlân. Foar de tsjirk, ljurk, piipljurk en it giel boumantsje is de lêste acht jier wol in opgeande line te sjen.

Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: www.fryslan.nl / Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: www.fryslan.nl